



ZON-DAG BOEK



PROTESTANTSKE GEMEENTE ROOMSK-KATOLIKE PAROCHIE

Wurdum en Wytgaard

woansdei, 2 novimber 2016

Tankdei foar gewaaks en wurk yn Wytgaard

Tema: Earm en ryk - 't is ûngelyk

Op de rêstige hjerstjûn fan 2 novimber tûgen katoliken en protestanten yn it tsjuster nei de Maria Hemelvaart-tsjerke yn Wytgaard om it jûnsgebed mei te meitsjen op de Tankdei foar Gewaaks en Wurk.

Tsjinst fan de tarieding

De bel klinkt as de beide foargongers de tsjerkeromte ynkomme en even stil steane foar it hillich alter. Wilens sjonge we:

*Alle wûnder om ús hinne om út Gods hân
Wat wy net ferklearje kinne mei ús ferstân
Alle foarmen, klanken, kleuren
Alle soarten, smaken, geuren
Alles om út op te fleurjen komt út Gods hân.*



De foargongers sjonge mei it koar de liturgyske iepening. Oanslutend hjit pastor Susan Boukema de besikers wolkom.



Lêzingen

Wiebren Jongbloed leest út het eerste boek

Kronieken 29, de verzen 10-16. Het gedeelte waarin David God dankt voor alles, wat Hij de

mensen heeft gegeven. Het volk geeft God rijkdommen terug.

Hierna zingt het koor Psalm 103 II: "Ja, wat de hemel is voor de aarde, dat is zijn liefde voor hen die geloven. Met als refrein: "Barmhartige Heer, genadige God."

Aansluitend leest da. Wiebrig de Boer uit het heilig evangelie volgens Lucas 17 - de verzen 11-19. De lezing verhaalt van de genezing van tien melaatsen. Van deze tien kwam er later eentje – een Samaritaan - terug om God te verheerlijken.

Oertinking troch da. Wiebrig de Boer

Op dizze dei tankje wy God foar alles wat sa wûndere moai groeit en bloeit, foar it wûnderlike geheim fan it libben. Foar alles dêr't we ús ryk mei fiele kinne yn ús libben. Mar wat no ast gjin wurk hast, de hypoteek net mear bestuiverje kinst en de eintsjes mar kwalik oan elkoar knoopje kinst? Hoe soe it evangeelje fan hjoed lêzen wurde troch minsken dy't nei de voedselbank geane?

Dy't yn 'e ûnderwâl sit, wurdt sjoen yn 'e Bibelske ferhalen. Ryk mei in minske wêze yn de leafde fan God, Ryk mei in minske wêze yn



de leafde fan God, fan Kristus, want syn ûntferming en leafde foar minsken is it dy't genêzend wurket. We meie tankjewol sizze tsjin de gouden leafde fan God, dy mei ús hert ferwaarmje, hoe't wy der ek oan ta binne. De leafde fan God is in jeffe, in geskink. Tagelyk is it in rop om by alle ûngelikens dy't minsken lije lit, je skouders dêrby net op te heljen, mar om je der troch reitsje te litten.

As tsjinhinger fan de glossy "Quote 500" - oer de 500 âlderrykste minsken fan ús lân - is de glossy "Quiet" útbrocht - dat betsjut "stil". Dy giet oer earmoed. It ûnderskrift is "De glossy die schuurt." Quiet is nei alle minsken fan de Quote 500 stjoerd. Net mei in biddelbrief derby, mar mei de fraach om mei te tinken oer it oplossen fan stille earmoede. Twa fan de 500 ryksten namen de útdaging oan.

Lit is sa wêze dat we inoar opmerke as Jezus, oer grinzen fan earm en ryk hinne, dat we each hawwe foar de oar, in oar de hân rikke wolle. En litte we sjongen bliuwe yn dit ûnderdak foar elkenien:

*Zolang de mensen woorden spreken,
zolang wij voor elkaar bestaan,
zolang zult Gij ons niet ontbreken,
wij danken U in Jezus' naam.*

Amen

As antwurd sjonge we it liet: "Onder uw hemelbogen" op de wize fan "Zolang wij adem halen" -lietboek 657):

Foarbede

Baukje
Schaafsma
en
Truus



Sterrenburg spreken de voorbede uit - daar tussendoor zingen we:

*Hear ús God, wy bidde Jo,
Hear ús God, ûntfermje Jo oer ús.*

Het koor zingt: *Laat ons gebed mogen stijgen,
als wierook omhoog tot uw aanschijn. Moge het
als ik mijn handen ophef. Tot een waardig offer
U zijn.* Na elke voorbede zingen allen:

*Wanneer ik roep tot fU,
verhoor mij o Heer.*

De voorbede wordt afgesloten met "God fan fier en hein ús Heit."

Kollekte

Der waard kollektarre foar Fier Fryslân, dy 't help jout oan slachtoffers, tsjûgen en bedriuwers fan geweld yn ôfhinklikheidsrelaasjes. De opbringst is bedoeld om de bern dy 't dêr ferbliuwe in moai Sinteklaasfeest te besoargjen.

It kollekteliet is "Handen heb je om te geven."

Seine en slotliet

We krije de songen seine mei fan beide foargongers.

It slotliet is:
"Zolang er mensen zijn op aarde."



Meiwurkers

Foargongers: Pastor Susan Boukema en da.
Wiebrig de Boer

Koor van Wijtgaard: o.l.v. Jos Jongma
Vorbereidingsgroep: Baukje van Balen, Hannie Jaspers, Wiebren Jongbloed, Baukje Schaafsma en Truus Sterrenburg.
AD